

De Timmerpôle yn Ginnum.

Wer't Geart Tolsma wennet, dêr leit noch altiten de Timmerpôle. En sa as mei alle âlde húzen hat ek dit plakje in skiedenis. Op Aylvastate, wêr't Jan en Josephine harren tahâlde, buorkten doedestiids de bruorren Jan en Tiede Reitsma. Se hienen foar dy tiid in mânske pleats fan 35 Ha. No wie it sa, dat yn dy tiid Ginnum sûnder timmerman kaam te sitten. Dat foun ien fan de twa bruorren Reitsma te gek. Oense Plantinga, de timmerman fan Burdaard hie mei syn frou fjouwer jonges. En ien fan dy fjouwer wie Gerrit Plantinga; syn frou Akke woe net op 'e Bepêle wenje – de foarige timmerman wenne dêr – want dan by min waar roun de drek har oer de skuon hinne, at se nei tsjerke moast. De Reitsma's hienen al lang sjoen dat Gerrit krekt as syn heit en broers in fakman wie. Dat sa kaam it dat Jan en Tiede in hoekje groun oan Gerrit en Akke ferkochten. Sadwaande bouden Gerrit en syn broers dêr in kreas spul mei in timmerwurkplak, wer't Geart no syn hynders hat. Fanôf dy tiid (om 1920 hinne) is it de Timmerpôle.

Gerrit boude in moai bedriuw op. Hy kaam by in protte boeren. Net allinnich as timmerman, mar ek as strykjildskriuwer. Sa barde it op in kear dat er oan in ko hingjen bleaun wie. De ko moest mei nei de Timmerpôle en frou Akke wie yn alle steaten! Murdejeie, aaisykje, fiskje mocht Gerrit ek graach dwaan. Syn boatsje achterhûs yn 'e Ginnum feart; wat woenen jo noch mear.

De Stjelp is twa keer ôfbaarnd. Gerrit wie op in kear by in klant oan 'e gang; doe sei dy man: "Gerrit, moast ris sjen, dyn hûs stjit yn 'e brân"! Wêrop baas Plantinga sei: "Rampspoed is des vromen lot...", en hy naam de hammer wer op.



Dit is "baas" Gerrit Oenses Plantinga. Hy libbe fan 1875 oant 1950. Yn 1900 troude hy mei Akke Alberts Kingma (1878 – 1953). Gerrit Oenses wie timmerman yn Ginnum. Hy hie trije broers, dy wienen ek timmerman. Syn heit Oense wie timmerman / molemakker yn Burdaard.

Yn 'e oarloch hienen Gerrit en Akke ûnderdûkers. Oense, de soan dy 't ûnderwylst it bedriuw oernommen hie, betocht in moai plakje. Efter yn 'e tûn hienen se in hiele grutte stienen bak mei bousân. ûnder dy bak hie Oense in soort fan in kelder groeven. Ien kear hat er op 'e Timmerpôle in razzia west. De Dútske learzen traaptten boppe de hollen fan 'e ûnderdûkers dwers troch it sân hinne.

“Ik wie faak op ‘e Timmerpôle útfanhûs. Dan siet pake by ‘t rût mei in prûmke yn ‘e mûle. De kwispeldoas neist him yn ‘e finsterbank. En dan mikte er syn flibe mei in boochje, sûnder te griemen yn ‘e pot! En dan wie tante Anne sa lulck! Mar pake luts him der neat fan oan!”


Sa as wol faker wienen der grutte tsjinstellings tusken Gerrit en syn frou Akke. Gerrit, de stroper, de jager, de libbensgenieter, mocht ek wol in borreltsje en hy wist het paadsje nei it café op Utsjuch faak te finen! Akke wie in Kingma, leauwich, earnstich en súnich op alles. Beppe Akke die dan ek alle war om de eintsjes yn har húshâlding oanelkoar te knoopen. Sa hie se faak kostgangers, sa as in skoalmaster of in ferpleegster.

Nei de oarloch begûn Baas Gerrit wat mei syn súnens te sukkeljen. Joh. van Dijk skriuwt yn syn boek “Tussen Genum en de Grootte Garde”: “Pake Gerrit hie foar syn ferstjerren noch wol wat syk west, hy lei yn it sikehûs yn Ljouwert, it Diakonessehûs. Op in moment seach de portier in mantsje foarbykommen yn in lange ûnderbroek. Hy frege: “Wat sille jo, jo meie net nei bûten”. “Gean wei man”, sei pake Gerrit, “ik moat de loft sjen!”

Gerrit en Akke binne der net mear. Se rêste op it hôf yn Ginnum. Soan Oense dy ‘t yn de tritiger jierren de saak oernommen hie, is yn 1950 mei syn frou Jeltsje vd Weit nei Amerika emigrearre. Hy ferkocht de timmerwinkel oan Auke de Vries.

It wie net lang dernei, ik tink 1955 of sa, dat Auke ek polsen makke en ferkocht. Fral om febrewaris/ maart hinne, dan wienen de ljippen wer yn ‘t lân. No hie de timmerman in pols betocht mei in lampke op ‘e ein. Dat lampke brânde as de aaisiker tichteby in ljippenêst wie. De timmerman hat doe noch noait sa’n protte polsen ferkocht! Ien fan de moaiste aprilgrappen fan de Flieterpen!

Nei 1957 is Auke de Vries mei syn húshâlding nei Drachten fer húze. Dernei hat de timmerwinkel in moai skoftsje leechstien. Uteinlik hat Geart Talsma yn 1969 de Timmerpôle kocht.



Hij sjogge jo fiif bern fan Gerrit en Akke. Anne, Oense, Wyp, Albert en Jap. Anne wie handwerkjuf. Oense timmerman. Wyp troude mei Jochum van Dijk, deheit fan skriuwer Joh. van Dijk. Albert wie organist en dirigent fan ferskate koren. Jap wie molkfaarder en werkte op it súvelfabriek yn Burdaard. Hy spyle eltse snein op it oargel fan ‘e Griff. Tsjerke yn Reitsum. Yn 1953 is hy jammerdearlik mei syn boat mei molkbussen by it fabriek yn ‘e Dokkumer Ie ferdronken.